



Lyts Frisia

tydskrift foar fryske striid en literatuer

JIERGONG LVI nûmer 2

juny 2007

ISSN 0166-6029

OERBLEAUN

*De romte sûcht de lûden op.
Der is gjin klankboerd mear, gjin ear
dat yngong foarmet foar it wurd.*

*Leechte hinget yn 'e keamer
en it swijen oan 'e tafel
bliuwt sûnder ein te gast.*

*Under it oerflak fan 'e stilte
driuwe bylden dy't stykjen
bleaun binne yn it ûnthâld.*

*Noait hat er mei de tinzen fierder
doard as oant de grinzen
fan tegearre âld.*

Margryt Poortstra (1953)

Ut: 'Nomade', 2006.

Samplers: Jan Jongsma, Anneke Jousma en Bertus Postma. Opmaak en technyske fersoarg-
ging: Piter Dykstra. Redaksje-adres: Tj.H. Haismastrjitte 26, 9251 AV Burgum (Tel. 0511-
463869). Lidmaatskip Jongfryske Mienskip ynkl. LYTS FRISIA: € 7,50. Lêsjild LYTS FRISIA:
€5,00. Giro 1069535 op namme fan: Skathâlder fan de Jongfryske Mienskip, Tj.H. Haisma-
strjitte 26, 9251 AV BURGUM.

IT FRYSK BOUN OM UTENS SIKET 'FRIEZEN YN DE FRJEMDTE'

Friezen yn 'e frjemdte'. Sa waarden de Friezen om utens yn earder tiden faak neamd. Sels al wennen se om 'e doar yn Drinte, Grinslân of Oerisel. Dat sil no ek de titel wurde fan in boekwurk, dêr't It Frysk Boun om Utens in skiedskriuwing fan de Friezen om utens yn Nederlân en fier dêrbûten yn fêstlizze wol.

Fansels giet it dan om mear as de no noch besteande kriteren. Allinne yn Nederlân wiene al sa'n lytse santich kriteren. Fier om utens hawwe ek kriteren west, sa as yn Kanada, de Feriene Steaten, Ingelân, Dútslân, Súd-Afrika, Yndonesië en Austraalje. En faaks noch wol yn mear lannen.

Minsken fan It Frysk Boun om Utens sykje sadwaande no de minsken fan oer de hiele wrâld (Nederlân en it bûtenlân), dy't harren helpe kinne oan gegevens fan al dy kriteren, of oare fermiddens fan Friezen. Dêrby kin tocht wurde oan:

- nammen, sa mooglik ek fan minsken dy't noch befregge wurde kinne;
- foto's;
- fynplakken fan kriterestikken en/of argiven, dêr't se opslein binne of wêze kinne.

Minsken dy't ynformaasje hawwe wolle of fragen hawwe, kinne kontakt opnimme mei de skriuwer fan It Frysk Boun om Utens. Dat is Hâns J. Weijer, Witterweg 29, 9421 PE Bovensmilde. Syn telefoannûmer is: 0592-412165.

E-mail adres: skriuwerfbou@fryskbutenfryslan.nl

Mear ynformaasje stiet ek op www.fryskbutenfryslan.nl

BJP: OAN BOARGEMASTER DRS. B. MIDDEL FAN SMELLINGERLAN

Tige achtbere boargemaster,

Op 'e tribune haw ik de riedsgearkomste fan de njoggende jannewaris bywenne. Ik haw jo argumint kontra it dûbeltalige boargerjierferslach heard, dat jo mear as in jier foar it alderlêste bewarre hiene. Dat argumint wie, tinkt my, in faaks net ûnmooglike, mar yn alle gefallen gjin algemien oanfurdige, útlis fan de formele wetstekst. My giet it earst en meast om minsken, om Piter Jelles syn 'lyk rjocht foar elk'.

Sûnder fierdere taljochting stjoer ik jo hjirby in stikje ta, bedoeld foar it Deiblêd. Oft it opnommen wurdt? It bliuwt ôfwachtsjen.

Mei Bitgummoolster achtinge.

Omdat it Frysk Deiblêd it troch Postma ynstjoerde stikje net opnommen hat, nimme wy it hjir op. (Redaksje)

B.J. Postma:

'Respekt en Steun'

De rie fan Smellingerlân wol de boargemaster in dûbeltalich Frysk-Hollânsk boargerjierferslach skriuwe litte. (Deiblêd 10 jannewaris) Yn novimber 2005 hie Bert Middel it oer 'Minderheidstalen verdienen respect en steun', yn maaie moanne 2006 neamde boargemaster Middel sa'n Frysk-Hollânsk ferslach 'in sympatyk idee'. En mei sa'n ferslach soed er bydrage ta de lykweardigens fan beide talen en de lykberjochting fan beide taalgroepen fan minsken. Mar yn de Drachtster riedsgearkomste fan 9 jannewaris waaide syn wyn út in hiel oare hoeke: hy woe neat mear fan dûbeltaligens witte.

It boargerjierferslach soe foar de rie ornearre wêze, it moast yn de bestjoerstaal (it Hollânsk) skreaun wurde en as de riedsleden it lêzen hiene, mochten de boargers om it iepenbiere stik freegje en it lêze. Sa sawat soe de saak yninoar sitte. It wol net yn my del.

1. "Geachte inwoner van de gemeente Nijefurd." (Boekhoven, ferslach 2003) "Achte lêzer." (Ter Keurs, 2004). Gjin boargemaster skriuwt sa in riedslid oan. De namme 'boargerjierferslach' wiist op in ferantwurding oan de boargers, net oan de rie. (Bilker 2004) Oars, de rie kriget syn eigen ferslach al fan it kolleezje. (Gemeentewet, kêt 197) En wêrom soe in rie no beide hawwe moatte?
2. Mei 55 leden binne de steaten de grutste folksfertsjintwurdiging yn ús lân. Foar in boargerjierferslach, ornearre foar steaten of rie, soe in tal fan 75 eksimplaren mear as genôch wêze, tinkt my. Mar yn Wolvege wurde 500 printe en yn it Provinsjehûs en yn Stiens 1000. En yn Ljouwert en St. Anne wurdt it ferslach húskebylâns brocht.
3. De boargemaster bringt in jierferslach út. Sa stiet it yn de wet. Oer de ferslachtaal/talen wurdt har/him neat foarskreaun. En likemin wurdt har/him it fermidden oanwiisd dêr't hja/hy dat ferslach yn útbringt. Net sûnder yn- en útliskunde wurdt yn Drachten út de wet opmakke, dat in ientalich, Hollânsktalich ferslach foar de rie bedoeld is.

Dy rie liet him it boargemasterlike argumint-kontra by de rêch delglydzje en naam de moasje-Oosterhof (FNP) en Van Dijk (PvdA) oan, wêryn't de rie om in dûbeltalich ferslach frege.


☆ De KFFB is dwaande mei it printree meitsjen fan in bysûndere útjefte: de autobiografy fan Piter Terpstra. De op 25 jannewaris 2006 ferstoarne Terpstra, hy waard 86 jier, skreau sa'n 125 boeken, sawol yn it Frysk as yn it Hollânsk. De lêste jierren fan syn libben wie er dwaande mei syn autobiografy. Hy is der krekt net mei klear kommen. Mar it manuskript hat safolle wearde, dat it KFFB-bestjoer yn oerlis mei Terpstra syn famylje it beslút nommen hat om der in útjefte fan te meitsjen. It wurdt in mânsk boek fan likernôch 500 siden. Der wurdt nei stribbe om de útjefte by gelegenheid fan de sutelaksje op 'e merk te bringen.



☆ Yn maaie brocht de KFFB in roman út fan in debutearjend skriuwer. It is in leafdesskiednis út de oarlochsjierrren. It ferhaal spilet yn Moddergat. De titel is 'Achter de skêrm'. De skriuwer is Einte Prins, dy't yn Nes berne waard en yn Moddergat opgroeide. De santichjierrige debutant wie beropsmilitêr by de marine en wennet yn Katwyk oan See.

☆ De Friese Pers Boekerij brocht de tredde roman fan Doete Venema (1951) út mei as titel 'It lân fan Vera'. It is it ferhaal fan in man dy't op syk giet nei in stikje libben fan syn ferstoarne frou. De yn Gytsjerk wjende skriuwster debutearre yn 1993 mei de roman 'In gat yn 'e tiid'. Yn 1997 ferskynde 'De rook fan Lizette'.

☆ Yn de rige De Klassikers fan Rink van der Velde is opnij in boek útkommen. It is 'Smoarge grûn', dat yn Drachten spilet. De roman kaam foar it earst út yn 1998. It is ien fan de romans út de rige oer âld-plysjeman Homme Veldstra. It is in útjefte fan de Friese Pers Boekerij.



☆ It bêst ferkochte boek yn de sutelaksje fan ferline jier wie it mânske 'De Oerpolder' fan Hylke Speerstra. De nûmers twa oant en mei fjouwer wiene: de werprintinge fan 'Jan Hut' fan Rink van der Velde, 'Ophysje en delbêdzje' fan Wieke de Haan en 'De leafdes fan Janne' fan Riek Landman. Stellingwarver Johan Veenstra wist it fiifde plak te heljen mei syn autobiografyske roman 'Een brogge van glas'. By de berneboeken wie it troch Mindert Wijnstra gearstalde 'Myn earste Fryske Van Dale' it bêst ferkochte boek, folge troch 'Kening Aap' fan Auck Peanstra.

R.P.S.

*Hy wie 't kompas wêrop ik sylde,
De stjoerman op myn skip.
De koers wie goed,
Ik hie gjin twivel.*

*Mar wannear wie it no?
Hie ik dat nea net sjoen?
Hie hy dy wrakke steeën earder al?*

*Och, 't sil sa gean mei elke jonge wol;
Doe't ik folwoeksen waard
Seach ik him 'objektyf'.*

*Moat elkenien dan op 'e skealjes
Mei alle wryt en slyt?
En wist ik dan syn wiere wearde?*

*Ik stean oant 't roer
En sjoch op myn kompas:
Mei alle goed en tsjoed
Hy wie himsels.*

Wêz do it ek.

Geecke Sybesma

Ynboarlingen en Twadde-rangsboargers

Yn de Drachtster riedskommisjes fan 18 desimber 2006 stroffele in PvdA-lid oer myn wurd 'Hollânsk'. Neitiid haw ik him der opmerksum op makke, dat op de side Frysk fan it gemeentlike ynternet itselde wurd stie mei deselde betsjutting, "yn dit Frysktalige diel fan de side treffe jo foaral algemiene ynformaasje oan. Foar de totale ynternet-oanbieding kinne jo telâne (?, BJP) op it Hollânske diel."

Bertus Postma

It is wat mei de talen yn Nederlân, mei it Limboarchsk, it Leechsaksysk, it Frysk, it Biltsk, it Hollânsk, ensamear. Mar eins is der allinnich mar wat mei dat Hollânsk, dat Hollanners bewitten, en gâns oar folk ûnbewitten, Nederlânsk neame. Rûnom en aloan wint it Hollânsk oan macht, as frucht fan in soarte fan kolonialisme en mearweardigens. Hylke Speerstra hie foar ús it wurd 'ynboarlingen' en Douwe Tamminga de beneaming 'twadde-rangsboargers'.

"Yn de ûntwerp-notysje streektalen binne wy as standerttaal fan Nederlân fan it ABN (Algemien Beskaafd Nederlânsk) útgien. Wy hawwe wol ûnder it begryp, dat hast yn alle parten fan Nederlân op ien of oare wize mei in tongfal praat wurdt, dus ien of oare foarm fan Hollânsk. Om misbegryp lykwols tefoaren te kommen, brûke wy it wurd 'Nederlânsk'." (Provinsjale Notysje Streektalen, taheakke II, punt 6 fan maartmoanne 2005) Yn hast alle parten fan Nederlân hat it Bûtenbûn syn kriterien, yn hast alle parten fan Nederlân hawwe Bitgummoolsters neiste sibben te wenjen. Dat yn hast alle parten fan Nederlân wurdt ús ABF (Algemien Beskaafd Frysk) praat. Om misbegryp lykwols tefoaren te kommen, brûke wy it wurd 'Nederlânsk'. Wy kinne sadwaande as standerttaal fan Nederlân fan it ABF útgien! Wat neffens de provinsjale notysje foar it Hollânsk jildt - dat Hollânsk 'Nederlânsk te neamen is - jildt dus likegoed foar ús sprake en foar it Limboarchsk en foar it Leechsaksysk en foar it Biltsk en foar... Op dy provinsjale foet hawwe wy foar nochal wat talen ien en itselde wurd 'Nederlânsk'. Wat in tizeboel.

Elke regionale taal is in Nederlânske taal en meiinoar binne se de Nederlânske talen. En net ien dêrfan is it Nederlânsk. It ienfâldichste - en dêrom it bêste - is it, om foar in taal ien en mar ien namme te brûken en de ûngelikense talen ûngelyk te beneamen. Foar de taal fan Seelân leit de beneaming 'Sieusk' yn 'e reden, en lyksa foar de taal fan Hollân de namme 'Hollânsk', ensamear.

Oan de Twiebaksmerk, in oarde fol fan ferstannigens en wizens, soe ik it folk wol oan it ferstân bringe kinne, dat it Nederlânsk net bestiet, tocht ik. Yn in steatekommisje haw ik it besocht, mar it is by besykjen bleaun: it wie in fermidden, dat sels it blau stopjeren net útfûn hie. ¹

¹Yn de tiden dat ús froulju oan it sokbreidzjen rekken, wie der ek fuort ferlet fan stopjeren. In fernimstich man lei him út op it útfûnen dêrfan. Hy kaam as earste mei in kaartsje stopjeren yn it Provinsjehûs oansetten en krige dêr fan de kommissaris de gouden nudle. Dy rôp der 'eureka' by, as hied er it jern sels útfûn - wat dus net wier wie. Mar wier of net wier, ús sokbreidzjende froulju koene doe ek oan it sokstopjen.

KAFEE 'ROM SICHT' (3)



Eltse lêste freedtejûn fan 'e moanne giet Fetse Friesema nei kafee 'Rom Sicht' om mei de maten Geart Gelyk, Minne Modern en Watse Wetich de tastân yn 'e wrâld yn it algemien en yn Fryslân yn 't bysûnder troch te nimmen.

Rommert Tjeerdsma

Watse, Geart en Minne sieten al noflik by de grutte stamtafel, doe't Fetse lang om let troch de doar skode.

"Jûn allegearre," sei er, wylst er de jas omsichtich oan 'e kapstok heakke, "it spyt my mannen dat ik wat oan 'e lette kant bin, mar ik moast earst it sjoernaal noch efkes sjen."

"It sjoernaal," sei Minne, "dat kinne jo ommers hast alle oeren wol sjen..."

"Mar ik sjoch altyd it acht oere sjoernaal," antwurde Fetse, wylst er in stoel by skode, "dat is my moai genôch."

Watse soe krekt Boate kastlein de wink jaan doe't de wurden him ynienen yn 'e kiel stykjen bleaunen. Hy seach Fetse ferheard oan en sei: "Sûnt wannear hasto by jûntiid in sinnebril op 'e holle?"

"Och heden, ha 'k ferjitten dat ding ôf te dwaan. Ik tocht al by 't ynkom-

men, wat is it hjir skimerich. No, dat is ek wat!

Fetse skuorde it gefal fan 'e holle en lei him op 'e tafel. It wie in bril mei rûne, blauwe gleskes. "No sjoch ik jimme ynienen yn in hiel oar perspektyf," sei er laitsjend, "no kin Boate wol komme."

"Do falst my net ôf," ornearre Minne, "ik haw dy altyd wol wat foar âldfrinzich fersliten, mar mei sa'n bril sjochst der dochs noch wol hip út, dat moat ik tajaan."

Fetse naam in fikse slok fan de Bearenburch, dy't Boate krekt foar him del set hie. "Dêr giet it my net om, dat hip wêzen, sa asto dat neamst. Dat is dochs allinnich mar healwizerij, dat stelt hielendal gjin kwartsje foar. Nee, dy bril hie 'k foar in oar doel oantúgd..."

"Fertel," foel Geart him yn 't wurd, "want sa'n dûnkere bril is hielendal net sa goed foar de eagen, ha 'k

wolris heard."

"Dat koe wol," reagearre Fetse, "mar foar my is er ûnmisber. Ik sil it jimme útlizze, it sit nammentlik sa, al jierren sjoch ik jûns om acht oere nei it televyzjesjoernaal. Ik haw yn al dy tiid hiel wat Fred Emmers foarby kommen sjoen, altyd nei genoegen mei 'k wol sizze. Mar in skoft lyn moat dêr yn Hilversum in heale soal west hawwe dy't miende dat alles oars moast, hipper om sa mar te sizzen. Sûnt dy tiid liket it by ús yn 'e keamer wol as is de tredde wrâldoarloch útbrutsen, as ik om acht oere de televyzje oanset. It set útein mei in leven as soe de wrâld fergean, wylst fjurrige pylken oer it skerm flikkerje as wie der wer in fjoerwurkramp útbrutsen. No bin ik in evenredich man en kin in soad ferneare, al sis ik it sels, mar der binne grinzen. Dêrom set ik tenei, foardat it sjoernaal begjint, dizze sinnebril op en bûtendat ha 'k fan dy dopkes, dy triuw ik dan eefkes yn 'e earen."

De mannen foelen in amerij stil nei dit ferhaal, dit moasten se earst efkes yn harren omgean litte. "Dêr haw ik noait lêst fan," sei Minne doe, "ik sjoch allinnich mar nei SBS en Talpa en sa en dêr hawwe se gjin nijs, of it moast al in fermiste kat of in oaljefant mei in skurve slurf of sa wêze, dêr wolle se noch wolris oandacht oan besteegje."

Geart wipte mei ferdrach in skepke sûker yn 'e romer mei jonge jenever. "Ik hâld my wat it nijs oangiet mar by Omrop Fryslân," glimke er, "neat gjin healwizichheden en ek gjin fjoerwurk, of it moast al út de eagen fan Miranda spatte, dat is op 't lêst in pittich wyfke en dêr mei 'k wol oer."

De mannen laken en lieten de glêzen nochris fol dwaan. "Do bist in âld pikenier," gnyske Watse, "lit

Maaike it mar net hearre." Nei dy wurden stuts er in lange sigaar op en efkes letter dreaunen blau-grize reekwolken stadich nei de souderbalken fan 'e âld herberch.

"Dat is skielk ek oer," sei Minne, "dat smoken yn iepenbiere gelegenheid, bedoel ik."

"Smokers binne hjoed-de-dei ta paria ferklearre," konkludearre Geart, "do silst skielk wol wer krekt as ear-tiids, doe't wy noch fan dy jonkjes wienen, stikem ien yn 'e berm efterhûs opstekke moatte. Mar dan earst goed om dy hinne sjen, dat nimmen it sjocht."

"Big brother is watching you, aanst hingje se oeral kamera's op om te sjen oft der dochs noch net immen is dy't sa dôfhûdich is om in sigaret oan te stekken," fûn Fetse. "It makket my persoanlik neat út, want ik smook sels al lang net mear, mar litte se dan dy hasrommel yn kofjeshops ek ferbiede, krekt as yn alle oare fatsoenlike lannen om ús hinne. Ik tink dat dêr hiel wat mear ellinde efterwei komt..."

Minne soe hjir tsjin yn gean, hy wie 't dêr dúdlik net mei iens. Mar hy seach op 'e tiid yn dat er dan al syn maten tsjin him krije soe, dat hy hâlde him dizze kear mar stil. "No noch wat oars," brocht Geart it petear op in nij spoar, "ik lies yn 'e krante dat wy in nije minister fan kultuer hawwe, kultuer en ûnderwiis as it my net mist. Ik miende dat de man Platsterk of sok-sawat hjitte." "Ja," stimde Watse mei, "ik haw it ek lêzen. De man fûn it Frysk mar in mearketaaltsje, lies ik, mei wat frjemde ie- en oe-lûden. Hy hie der gjin goed wurd foar oer."

Fetse rjochte de rêch en gie der foar sitten, it wie dúdlik dat dit in ûnderwerp wie dat him bot rekke. "Ik

haw myn galle dêr oer spuid yn in yn-
stjoerd stik yn 'e Ljouwerter Krante,'
fjurre er. "Ik ha dêr ûnder oaren yn set
dat by it oantreden fan sa'n minister
de swarte flagge wer op 'e toer moast,
krekt as eartiids doe't de grutte hearen
in feest hâlde woenen, omdat wy fi-
fihûndert jier ferlyn ús frijheid ferlern
hienen."

"Hasto dat yn 'e krante set?" frege
Geart, "dat haw ik nearne lêzen."

"Dat kin wol útkomme, se hawwe
it net opnaam. It sil wol te radikaal
west hawwe foar de Hollânsk talige
lêzers tink, ik haw der yn alle gefallen
nea wer wat fan heard."

Mei dat er dat sein hie, kaam Boate
syn warskôgjend lûd: "Heechste tiid,
hearen!"

"No," sei Fetse, "yn dat gefal
moatte wy fuortdaliks de lêste der mar
yn hawwe."

TSJIBBE GEARTS REIZGE YN 1881 NEI AMEARIKA

Yn de tiid fan de Burgumer folkskriiuwer Tsjibbe Gearts van der Meulen (1824-1906) kaam de emigraasje nei Amearika op gong. Yn de fjirtiger jierren fan de 19e ieu wie it earmoede troef yn agrarysk Fryslân. Feepest en benammen de in pear jier duorjende ierdappelsykte wiene dêr de oarsaak fan. Boeren, arbeiders en feinten kamen yn 'e nederklits te sitten en dreamden der fan om nei Amearika te gean. Dêr wie lân yn oerfloed en dat wie goedkeap. Yn hiel wat gefallen wie der sels fergees oan te kommen. Yn it grutte lân oan de oare kant de oseaan soe slagje kinne, wat hjir mislearre wie.

Jan Jongsma

Yn de jierren 1846 oant 1855 gongen
tûzenen Friezen nei wat Tsjibbe Gearts
letter neame soe: 'it lân fan dream
en winsken'. De Friezen festigen har-
ren yn eigen koloanjes, sa as Vries-
land yn de steat Michigan en Frisia yn
Wisconsin, mar ek yn koloanjes dêr't
net allinne Friezen mar ek oare Ne-
derlanners hinne gongen. Foarbylden
fan sokke koloanjes binne Holland yn
Michigan en Pella yn Iowa. Ek Tsjibbe
Gearts sil der grif fan dreamd hawwe
om 'ut te wiken nei in lân, dêr't er
faaks in better bestean opbouwe koe as
yn syn Burgumer winkeltsje. Gauris
hat er freonen en kunde farwol sizze

moatten, dy't de oseaan wol oerstut-
sen.

Yn 1849 moast Tsjibbe ôfskied
nimme fan syn broer Anne. Dy ferliet
it âldershûs en it heitelân en reizge nei
de yn 1847 stifte Nederlânske koloanje
Pella yn de steat Iowa. Dêr bleau er
yn 'e famyljetradysje: hy begûn yn it
sintrum fan Pella mei in oerwurk- en
juwelierswinkel. Dy waard letter oer-
nommen troch syn soannen, dy't de
saak ferbouden. De winkel, no in rid-
skipsaak, stiet der noch altiten en yn
'e topgevel stiet noch: Vbro's (Van der
Meulenbroers).

Sels hat Tsjibbe Gearts dochs de
stap nea oandoard, miskien om't er
miende dat er syn âlden yn de klok-

makkerij bystean moast.

Agint rederij

Troch it fuortgean fan syn broer Anne rekke Tsjibbe mear en mear by de emigraasje belutsen. Hy skriuwt dêroer: "Troch myn broer yn Amearika kaem ik mei de skipsreders Van Es en Co to Rotterdam yn forbining. Ik waerd agint en it slagge."

Tsjibbe Gearts hat hiel wat boatkaartsjes yn syn winkelstje oan de Burgumer Skoallestrjitte oan Fryske lânferhuzers ferkocht. Mar hy gong der ek op út. "Woansdagen hâldde ik sitting to Dokkum, ek Freedts wol to Ljouwert, fen alle kanten kaem men op my oan. It kantoar fen Van Es wie to bitrouwen, sa krige ik it ek en haw it oant hjoed ta hâlden."

Op Burgumerdaam wie Tsjibbe Gearts gauris tsjûge fan in ôfskied, as er lânferhuzers op 'e Lemster boat brocht. Mar net allinne yn Burgum barde dat. Hy reizge ek wol nei Amsterdam, Rotterdam, Nijmegen en Arnhem ta om mei emigranten te praten of om harren te beselskipjen nei de havens.

Sels op reis

It jier 1881 hat foar Tsjibbe Gearts in hichtepunt west. Doe makke er sels, hy wie 57 jier âld, in reis fan trije moanne nei it lân fan dream en winsken. Hy wie dêrta yn de gelegenheid steld troch rederij Van Es. Om't er safolle boatkaartsjes foar Amearika oan 'e man brocht hie, bea de rederij him in retoerkaartsje oan.

Neffens de oerlevering fertelde Tsjibbe Gearts tsjin syn frou neat oer de plannen foar syn reis. Se kaam it pas te witten, doe't er klear stie om

fuort te gean. Doe sei er: "Nou Grytsje, ik gean nei Amearika, hear." Dat seit alles oer de ferhâlding tusken him en syn frou.

Yn Antwerpen stapte er oan board fan it lânferhuzersskip 'Belgenland'. Hy kaam yn New York oan en reizge mei de trein it westen yn. Fia Philadelphia en Pittsburg kaam er yn Chicago oan, de stêd dy't yn 1833 oanlein wie yn in sompich gebiet. Dy oarde waard lang 'de modderpoel fan de prairy's' neamd.

Tsjibbe Gearts seach him de eagen út yn de doe al hast 200.000 ynwenners tellende stêd. Yn de jierren 1847 en letter emigrearden der hiel wat Nederlanners nei Chicago, benammen in soad ynwenners fan de provinsje Grinslân. In part fan harren kaam oan de kost mei it opheljen fan ôffal. Der hat in tiid west dat der mear as 400 troch Nederlanners eksploitearre ôffalbedriuwkens wiene. Tsjintwurdich is de miljoenestêd nei New York de grutste stêd fan Amearika.

Fan Chicago reizge Tsjibbe Gearts nei Pella yn de steat Iowa, it stedstje dêr't syn broer Anne wenne. Yn Pella wiene saken dy't de Burgumer boeiden. Sa joech er in beskriuwing fan it bûtermeitsjen en kaam ta de konklúzje dat it dêr helte goedkeaper barde as yn Fryslân. Hy konstatare dat de masine yn Amearika in gâns grutter plak ynnimt as yn syn heitelân. Optein joech er útlis oer it nije masinale lânbou-ark dat er seach.

'Colossus'

Nei in ferbliuw by syn broer reizge Tsjibbe Gearts fierder nei it westen. Yn Des Moines, de haadstêd fan Iowa, seach er in mânske boekhannel en útjouwerij. Dêroer skriuwt er: "Och,

dacht ik, Eekhoff, Meijer, Schaafsma, Pietersen, of wat naam je als boekhandelaar moogt dragen. Plaats al de boeken uit uw winkels samen, wat vulden ze nog maar een klein vak van deze colossus.”

Nei Des Moines reizge Tsjibbe Gearts nei de Nederlânske koloanje Orange City yn noardwest Iowa. Tidens syn ferbliuw wie it dêr tige waarm, mar de boeren wurken likegoed troch en hoe! “Zoo te werken weet je niets van, Friesche boerenarbeider. Onze werklui zijn wellicht mee tengevolge van een slechte voeding krachtelooser dan de driemaal daagsch vleesch etende Amerikaanse daglooner.”

Yn Orange City trof Tsjibbe Gearts

in soad Friezen en hy brocht dêr sels in winterjûnenochtprogramma. Hy besocht emigrearre Friezen lykas Sjoerd Aukes Sipma en Jelle Pelmulder. Fan Orange City reizge er nei it easten om yn New York de boat nei Antwerpen wer te nimmen.

De Amearika-reis hat in geweldige yndruk op de Burgumer makke. Hy hat der skoften oer skreaun yn it troch him yn 1876 oprjochte ‘Weekblad voor Tietjerksteradeel en omstreken’, letter de ‘Bergumer Courant’. Ut dy krante komme de hjirboppe oanhelle Hollânske sitaten. De reis ynspirearre him ek ta it skriuwen fan de ‘Lânferhuzerssang’, dêrt de ferneamd wurden rigel ‘Amearika, do lân fan dream en winsken’ yn foarkomt.

Hedzer T. Hooijenga:

DE LIFT

(Koart ferhaal)

Dêr stie ik dan, midden yn 'e wrâld mei in auto dy't fûn dat ik it fierder sels mar besjen moast. It wie neare nacht en striemin waar, in hurde noardeastlike wyn gisele wiete snie oer de fjilden. Gjin libbene siel te bekennen. Ik wie folslein ûnbekend yn dy fan God en alle minsken ferlitten oarde. Yn myn besykjen om binnentroch wat earder thús te wêzen, wie ik sa ferdwaald as in mosk yn Spanje.

En no dit. Aldergeloks hie ik myn mobyltsje by my. Fluch raamde ik it ding út it dashboardkastke. Hoe't ik útlizze moast wêr't ik siet, seach ik dan wol. Doe't ik it apparaat oansette, ljochte it finsterke efkes grien op: “Batterij opladen svp,” en doe waard it

swart. Ek dat noch. Dy ferhipte technyk, altyd as je der op oanwiisd wiene, wegere it. Dat wie hjoed no al de tredde kear, fan 'e moarn wie it al begûn mei in stikken skearapparaat, doe de auto en no de tillefoan. It wie om kûgelsk fan te wurden. Mar ik koe wol gatten skuorre

dêr't gjin wiene, it feroare der neat fan, ik stie dêr't ik stie.

Doe't ik sa wol hast in kertier yn mysels allegear ûnfoege wurden sitten hie te betinken en noch net wist hoe't ik der mei oan moast, gluerke der yn 'e fierte in spris-seltsje hope yn 'e foarm fan, sa't it like, in pear autokoplampen. "Och leave Hear," sei ik sûntsjes yn mysels, "nim my net kwea ôf dat ik Jo niiskrekt nochal wat misledige ha, mar soene Jo asjebleaft dy auto wol diskant útstjoere wolle?"

Fol spanning fiksearre ik dy mooglik rêdende ljochtsjes op myn netflues. Sa te sjen waard myn bea ferheard, de strielebondels, no dúdlik te sjen, sloegen noch in kear loftsôf en kamen doe myn kant op.

Yn in omsjoch wie ik út de auto wei en stie ik midden op 'e dyk. Hy moast my no net ûntkomme, it wie miskien myn lêste kâns foar moarnier. Hjir de nacht trochbringe lake my no net daalks oan. Mei beide earms mealend as in wynmole yn fol bedriuw stie ik dêr. Wrychtsjes, de wein hâlde flak foar my. Ik raamde de doar oan 'e passazjierskant iepen. Ien man siet der mar yn konstearre ik yn in flits, romte genôch. "Mei ik wol meiride?" frege ik dimmen. "Myn auto ferpoft it."

De man sei neat, knikte allinne en wiisde mei syn rjochterhân nei it lege plak njonken him. Mei in djippe sucht fan klearebare ferromming ynstallearre ik my foaryn. "Hjirwei," wie it ienichst wat ik tocht. Fansiden

seach ik yn it dizzenige ljocht fan de kontrôlelampkes nijsgjirrich nei myn rêder. Hy hie in nochal útdrukkingsleas gesicht like my ta. Ik fertelde him hoe't ik dêr sa fersille wie op dit ûnsillige stuit en dat ik och sa bliid wie, dat ik meiliftsje mocht. Wêr't ik hinne moast, lei ik him út. As er dy kant net út hoegde, woe ik der yn de earste de bêste stêd wol út. Dan koe ik fierder mei de bus of de trein, dat rêde him dan wol.

De man knikte wer, mar sei neat. "Botte praatsk bist net," tocht ik. Dêr makke ik my net sa drok om, guon minsken binne sa, ik ried en dat wie it alderwichtichste op dat momint. Wol fûn ik dat er aparte eagen hie, nea ofte ninter hie ik sokke eagen sjoen, as oft se ljocht útstrielen. Der wie wat frjemds oan dy fint, ik fielde my ynienen net sa noflik mear. Dêr kaam noch by dat er hieltyd mar hurder begûn te riden. Strak en stiif stoarre er foar him út, as in robot siet er efter it stjoer. Leave santjin noch oan ta, wat hie dy fint? Siet er ûnder de drugs of hie er de hûd fol drank miskien? Mar ik roek ek neat dat dêrop wiisde. Myn twifel wie wekker wurden en waard mei de sekonde grutter. Wêr wie ik no yn belâne, wie ik der yn 'e goedicheid mar wer út. En jeie dat dy keardel die!

Yn 'e fierte seach ik de ljochten fan in stêd tsjin de loft op skinen, oan 'e kant fan de wei stie no en dan alris in strijtlantearne en ik waard hjir en dêr ek in hûs gewaar. Wy

giselen wer op twa tsjillen troch in bocht, ik fielde de wein gewoan los fan de grûn kommen op myn kant, mar it gong o wûnder ek noch wer goed.

"Oars moasten jo my der hjir mar útlitte," oppenarre ik. "Wy binne no wer yn de bewenne wrâld, dan rêd ik my wol."

Foar it earst hearde ik no syn lûd, it klonk as oft it út in roastige blikken tromp kaam. "Bewenne wrâld, bewenne wrâld," kreake er metalich, "bewenne wrâld bestiet net, de ierde is leech en sûnder foarm, it tsjuster leit oer de ôfgrûn en de wyn swevet oer it wetter." O leave sij, ik siet echt by in útnaaide gek yn 'e auto en hy jage mar troch. De stêd, ik wist net hokker, fleach no op 'us ta.

In moai ein fuort, skean oer it keale lânskip seach ik yn it tsjinljocht fan 'e kime in trein oankommen. Tagelyk begûnen foar ús út warskôgingsljochten te knipperjen. Ek dat noch, wy moasten oer it spoar.

De sjauffeur hie it ek sjoen. Myn hope dat er ynhâlde soe, wie fergees. Noch hurder gong er, de motor jankte der oer, wy roerden suver gjin grûn. Dêr gong myn plan om gau út te stappen as er foar de spoaroergong stean bliuwe soe, it

like wol of woe er der earst wêze. Op it lêste rjochte stik wiene wy no, de wyn fluite om ús hinne. Fan fierrens seach ik de spoarbomen delgean, alle ljochten stiene op read. Noch mear gas joech er.

"Man, bliuw stean!" rôp ik boppe it leven fan de motor út. "Dit komt sa net goed, wolst dea?" Mei de skrik yn 'e skonken betocht ik dat dat it wie, ik ried mei in selsmoardner. "It kontaktkaike," krige ik in ynjouwing, "it kontaktkaike der út skuorre!"

Stikem loerde ik oerside, soe ik der by komme kinne? It die bliken, der siet hielendal net sa'n ding yn. "Steanbliuwe!" raasde ik no, "ik wol der út!"

Ik wraksele mei de feilichheidsriem, mar ik krige dat kring net los en it hoegde ek al net mear. Dêr wie de trein en dêr wiene wy! Ik sloech ferwoest om my hinne, hearde noch de oerweibellen rinkeljen doe't wy mei barstend geweld troch de read mei wite peallen daveren, de stikken fleagen meter-sheech. En doe kaam dy alderheislikste klap!

Foarsichtich die ik eagen iepen en seach hoeden om my hinne. Hie ik my dêr de hiele wekker fan it nachtkastke ôfreage!

Bitgummole, 15-02-2007

Achtbere rie,

Lang ferlyn binne ús eigen, eigentalige, doarpsnammen ûntstien. Neitiid waarden de measte op heech bestel ferhollânske. En wylst de nije, neimakke, nammen de offisjele status krigen, waarden de oarspronklike nei weinhok of bûthús ferballe. De lêste tiden komme guon wer foar it ljocht. (Fan 'ferfryskjen' fan de Hollânske nammen is sadwaande gjin sprake.) In folk hat ommers rjocht op syn eigentalige nammen foar lân en wetter, foar doarp en stêd.

By myn witten is hjir foar it earst op 12 oktober 1994 oer 'Menaam' en 'Berltsum', en sa, praat. It wie, leau 'k, de earste kommisjegearkomste dêr't de gloednige boargemaster yn foarsittere. CDA en PvdA wiene der net op tsjin, mar likegoed gie it feest fan 'Bitgum' en 'Skingen', en sa, net troch.

Yn 1997 wie der wat feroare. Easterein wie wer 'Easterein' wurden en Lytsewierrum wer 'Lytsewierrum', en sa, en ús lân wie wer 'Fryslân'. 'Mis is wer', tocht ik op 17 april 1997, diskears sil de rie wol de bekearing krije. Heden noch ta! Der waard fuort stimd om net iens oer 'Dronryp' en 'Bitgummole', en sa, te praten. Ik sjoch no noch de PvdA-fraksje te sitten: wakker teloarsteld, suver yn 'e skroeven. It wie dus twaris mis, mar wie trije kear gjin skippersrjocht?

'Bitgummole' neamden de bewenners har útbuorren, doe't de Menamer rie dy de doarpsstatus joech en de namme dêrfan sûnder oerlis yn 'Beetgumermolen' feroare. It fersyk fan 24 septimber 1962 fan de KFS-krite 'Karel Roarda' om de eigen namme 'Bitgummole' oan te hâlden waard foar net mear as kundskip oannommen.²

Yn de gearkomste fan Pleatslik Belang fan 11 maart 2004 - dêr't it hiele doarp ta noege wie - woe likernôch in twatredde de eigen doarpsnamme werom hawwe. In wike letter fregen bestjoer en leden de rie om 'prikken yn it wurk te stellen om de offisjele plaknamme yn Bitgummole te feroarjen'. De rie wie der glêd mei oan en frege it kolleezje om goerie. B. en W. kamen dêrmei yn de riedskommisje fan 1 juny 2004. De kommisje woe nul en neat witte fan in soarte fan 'Wiedergut-

² Hoe gie soks yndertiid yn oare gemeenten?

- Yn july 1950 naam de Sweachster rie it beslút om Nij Beets offisjeel ek 'Nij Beets' te neamen, wylst b. en w. 'Nieuw Beets' útsteld hiene.
- Yn novimber-desimber 1950 stelde de rie fan Doanjewerstal de namme 'Koufurderrige' fêst.
- Yn juny-july 1958 waard De Tieke offisjeel 'De Tike'.
- Yn, leau 'k, 1989 waard Jonkersland 'Jonkerslân'. Mei dy foarbylden is wol bewiisd, dat net alle doarpen yn in gemeente tagelyk har eigen namme hoege te krijen.

machung' fan it 'Beetgumermolen-beslút' út de sechstiger jierren en fan it rjocht fan in doarpsmienskip op syn eigen doarpsnamme. Dat wie trijeris mis, mar de oanhâlder wint, de fisk fangt men oan de ein fan de fûke.

No, nei de Van Delft-Jaasma/Pen - Van Booma - oerienkomst, leit it lân alhiel oars en waait de wyn út in hiel oare hoeke: Schatzenburg liket my gjin strof-felstien mear ta yn de saak fan 'Bitgummole-Beetgumermolen-Bitgummole'. No kin de rie in ein breidzje oan ús libjen mei in ferkearde doarpsnamme.

Soe 'Bitgummole' om 'e sinten oergean moatte? It is neat net bûtengewoan, dat boargemasters/kolleezjes saken (fiersten)te heech begrutsje, as se der nul en neat fan witte wolle, en oare te leech, as dy har wakker oansteane. No bestiet der in 'Topografyske Wurkgroep Fryslân' mei gâns ferstân fan en ûnderfining mei de oergong fan noch besteande, neimakke, doarpsnammen nei de eigen, oarspronklike. It liket my net ûnferstannich ta, dat it kolleezje mei dy wurkgroep praat, eardat it mei syn roaiing yn de rie komt.³

Op oanstean fan de Twiebaksmerk wurde op 15 maart de Hollânske wetternammen ôfskaft. Op 30 jannewaris frege in FNP'er yn de Damwâldster riedseale, wat it prinsipiële ûnderskie tusken oan de iene kant eigentalige lâns-, gemeente-, strjit- en wetternammen en, oan de oare kant, eigentalige plaknammen. Sok in ûnderskie wie der net, wie it beskie. Mar dan past by 'Bitgumerdyk' (3 kear yn de gemeente) en 'Bitgumer Feart' gjin 'Beetgum(ermolen)'. Lit ús dan begjin meitsje mei 'Bitgummole'.

³ Ramingen fan ús gemeenten:

- Neffens mr. Sybesma soene dûbeltalige plaknammebuorden yn Dongeradiel op 200.000 gûne komme. (Deibl, 13 maart 1996) De werklike kosten wiene noch gjin 30.000 gûne.
- De Ferwerter boargemaster Geersing rûsde yn it begjin fan de njoggentiger jierren de namme-operaasje op in 170.000 oant 200.000 gûne. It kolleezje kaam yn july 1998 op 106.350 gûne.
- It Stienzer kolleezje-Vroegindewej rûsde 'Feinsum', 'Aldeleie' en 'Koarnjum' op mear as 100.000 gûne, en dat foar 7 letters.
- It kolleezje-Piersma fan Wûnseradiel begrutte yn septimber 1999 de omneaming fan 19 doarpen op 350.000 gûne. Der stiene 952 frou/manoeren foar fan 125 gûne de oere. Oan dat bedrach kaam de kommissaris net iens ta.
- It Ljouwerter kolleezje-Dales berekkene yn febrewaris 2006 de kosten fan Wurdum, Himpens/Tearns en Snakkerbuorren op 50.000 euro, dat is op €10.000 de letter.
- It kolleezje-Aalbers fan Dantumadiel kaam op 6 novimber 2006 út op €165.000 foar de omneaming fan 10 doarpen, en op 80.000 euro as de kombuorden stean bliuwe soene. De Ljouwerter b. en w. binne fan de Topografyske wurkgroep op 'e fingers tikke. Ut in brief fan de rie fan 20 july 2006: dizze Wurkgroep sil adviseare oer dizze saak. Dyselde Wurkgroep hat de foarnaamste Damwâldster riedsfraksjes sa fier, dat de operaasje-sûnder-kombuorden op noch gjin €10.000 komme sil.



Lyts Frisia' ferskynt fjouwer kear jiers yn de moannen maart, juny, septimber en desimber. Foar dat regelmjittige ferskinen hat de redaksje fansels kopij nedich. Dêrom roppe wy leden en lêzers op om ris in stikje yn te stjoeren. Dat kin in fers wêze, mar ek in artikeltsje op it mêd fan literatuer, taalkunde, Fryske skiednis, Frysk ûnderwiis of Fryske striid. Wy stribje nei in grutter ferskaat oan skriuwers. Foar it septimbernûmer moat de kopij foar 15 july ynstjoerd wurde nei: Redaksje 'Lyts Frisia', Tj.H. Haismastrjitte 26, 9251 AV Burgum. Foar mear ynformaasje: tel. 0511-463869.

Freonlik fersykje wy ús lêzers en leden om it lêzersjild (5 euro) of it lidmaatskipsjild (7,50 euro) foar 2007 sa gau mooglik oer te meitsjen op giro 1069535 op namme fan: Skathâlder fan de Jongfryske Mienskip, Tj.H. Haismastrjitte 26, 9251 AV Burgum. Brûk op de betelopdracht net de ôfkoarting JFM, omdat guon Rabobanken dan de betelling net útfiere. In pear lêzers/leden hawwe harren bydrage oer 2006 noch net betelle. Harren freegje wy om dat tagelyk mei de bydrage 2007 te dwaan.